

Cor Reisma oer: „Skilderkinst“

Winterlezing Provinciale Onderwysrie

Sjoeontomiddel haldde de skilder Cor Reisma in lezing mei fjochbylden for de Onderwysrie.

It gearkomste-sealtsje yn it Coulonhús wjer ahjel bisset, dot de foarsitter, Dr. W. KOK, iepene mei in útliz oer de kar fen it underwerp. Gynge de lezingen fen de Onderwysrie to'n earsten ornaris oer literatuer, tael ef skiednis, njunkelysen waerd it eachweid wider. Der is op 't læst mear kultuer. Sa waerd bygelyks de boukinst der yn bihelle en nou lang om let is de skilderkinst ek oan bar kommen. Det waerd tiid ek, hwent Fryslân hat skild binammen foar syn skilders oer. As dy libje woene, hwet men sels in skilder net kwea-ôf nimme kin, den bleau hjar oant nou ta neat oars oer as hjar wei to gean.

De hear REISMA bigoun syn lezing mei to sizzen, det hy earst tige tsjin dizze lezing oansoarge hie: skilders sizze it nou tennis jjeaver mei it pensiel. Lykwols it bliang fen in kontakt twihsken Fryslân en syn skilders die de trochsach. Hwent it lân leit der hjar sa hime: Fryslân hat party talintrike skilders to wrâld brocht, mar yn Fryslân binne hja sa goed as net forsjinwirdige mei hjar wijk. Der liket gjin plak for hjar to wêzen. Hwerom bygelyks is der yn it Frysk Museum wol in ôfdeling for Alike Fryske skilders en net for hjoeddeiske? De Maekskippij for teiken- en skilderkinst docht wol goed wijk, mar is noch to min for de bliangen fen de Fryske kinshers yn 't spier. Om hjar yn Fryslân troch de tiid to kommen, moat in skilder lanskippers meitsje oan de rinnende bân. Hwerom is hjar net mooglik hwet om utens bart, det in skilder create opdrachten kriget fen publike ynstânsjes, b.g. for mûreskilderingen ef brân-skildere glêzen?

Sprekker jowt inkelde bisundenheden oer de lêste jierren fen syn libben. Yn 1938 wjer syn lêste útstalling yn it Prinsessehôf. Deselde jiers gynn er yetris op stúdzje nei de Akademy for byldzjende kinsten to Antwerpen. Mei 't de mooglikheden yn Fryslân tige lyts wieme, gynn sprekker op oanrieden

fen prof. Jurren en Pyl v. d. Hem yn de neistimmer fen 1939 nei Amsterdam ta to woenen. Troch de oarloch moast er dit jier wer nei Fryslân werom. En sprekker moat sizze: hy fielt him hjar tige op syn plak. Hjar is folle to dwaen: men stiet forheard fen de greate kreff, dy't útgiet fen de Fryske Bieweging. Sprekker wol him dêryn ynseakkele; hy hoptet takomme jier in útstalling to jaen, dy't stiet yn it teiken fen Fryslân. Det kin mar under jien bitingst: men moat libje mids it Fryske folk.

It twade diel fen de lezing wjer in causerie by it projecty-apparaet, in bisilke om it wêzen fen de kinst op dy manear praktysk binel to kommen. Sprekker is fen bitinken, der wirtd fiersten tofolle praet oer kinst, der wirtd tofolle bisocht om it mei it forstân to binaderjen. Derfoar moat men yens bêst dwaen kinst to biliben, troch folle to oefeningen. Den earst kriget men kinde oan de swierrichheden fen in opleffe, bigryp for komposael.

Ho totael stridich meimmar critiel in kinst-wirk bioardjele en útizze kinne, liet sprekker oan inkelde classike foarbylden sjen, d. o. oan in stik fen de Hillige Nachten fen Correggio, det de iene autoriteit salonkinst neamt, wylst de oare it greate dipte takent. In oar sprekend foarbyld is it bikende stik fen Van Gogh „de ierdappelfiers“, det de woede geande makke fen de socialistyske dichter C. S. Adama van Scheltema, om de dienlike útdrukking dy't de boeren yn det stik yn hjar wêzen hiene, wylst W. Jos de Gruyter it priizget as machtich en oangripand. Faek hize de critiel de skilders fielingen by, dy't hja nea hawn hawwe. Komysk wiken, it foarbyld fen it selsperret fen Arnold Böcklin mei de fyoelsyjlende dea op 'e ettergronn, det oanleijing joech ta de dijsinnichste commen-taren, wylst de skilder forklearre, det it in forleghetsoeplossing west hie.

Troch efterinoar de úbylding sjen to litten fen jensele soarte underwerp yn understrate tiid, bisiket Reisma eat sjen to litten fen it wêzen fen de kinst fen sijn tiid. Det wêzen bigint al tiid dêre, hwert de natuer ophâldt, hwert de kinsher syn siele jowt; yn alle tiden wer oars, dochs ek by alle greate kinst

mei eat mienksjipliks, eat boppe-tiidliks. Sa waerd sjen litten it teare en fine yn de primitive rotselkeningen yn de grot fen Alamira, it djip-religieuze fen de ier-renassance, it individuele, det mei de 19de ien komt, it hyper-individuele, det yn it wijk fen de surrealisten leit, hoktor wijk neffens spreker net minsklik genôch mear is; dizze nije saeklikheit is tofolle oertrout, net spontaen genôch mear. It hat tofolle ek yn fen it chaotyske fen dizze tiid, dy't gjin jenhiet mear hat en der dochs om siket.

Dernei wirtd bisocht in yndruk to jaen fen de pertrekinst, fen de greehnaster Rembrandt ôf oant Jan Sluyters ta, de master fen it benepertret hjoeddeis. It pertret hat syn eigen swierrichheden, om't it lykje moat.

It einbisitt is in pleit for it stilliben, dê't it greate publyk net oan wol en dê't dochs de kinsher him it bêste yn útlibje kin. De minsken hjarre binne noch it gleonste op lanskipsgefaltes; wol men lykwols de Fryske lândouwe de úbylding jaen, dy't dy takont, den moat men der in synthese fen skeppe, dy't it greate en wide, it Noardske fen Fryslân stal jowt.

It libbene neipetear gynn binammen oer de frage, ho de skilderkinst yn Fryslân to bifarderjen en ho de kinshers oan Fryslân to binen. Dit lêste is perfoarst needsaeklik. Troch it forkearen om utens hat de kinst fen de Fryske skilders mar o sa swak hwet yn fen it Frysk-eigene; dit moat neffens dr. Wassenbergh in pear ieuwen forlyyn mear it gefal west hawwe.

It is o sa swier yn Fryslân to arbeidzen. As men wanwrik makret, kin men yens producten it bêste kwyt, it is hast nearne oars sa slim. De skilders moatte goede opdrachten hawwe. In foarbyld fen hof't it moat wjer it pertret, det de Fryske Bieweging Reisma meiste litten hat fen dr. Wumkes. Soks moat mear barre, oars kin de kultuer net bloeije. Eiers tofolle wirtde ek de opdrachten oan net-Friezen forjown, ek op it stik fen de boukinst. Hjar leit wijk for de Fryske kinshers-organisaesje, dy't krekt oprjuchte is.

Dr. Kok slút mei it ûnthjif, det de Onderwysrie net for de lêste kear it omtinken jown hat oan de skilderkinst.